


'Waling Dykstra' oansluten by



1924



Krite

Waling Dykstra

Meppel

2024



**PROGRAMMABOEKJE**  
**16 MAART 2024**

*Keninklik Frysk Boun om Utens*

100<sup>e</sup> Algemiene Gearkomste  
Moetings- en Ynspiraasje

*Fryske Krite “Waling Dykstra”*

Kritelûd

*Meidielings fan ús sponsors*

# Kritelûd




16 maart 2024

"100 jier Krite"

en AG Frysk Boun om Utens  
yn De Schalle

**FRYSK SELSKIP  
"WALING DYKSTRA"  
MEPPEL E.O.**



**Waling Dykstra**  
gipsgravure fan  
Pier Pander

OPRJOCHTE 24 FEBREWARIS 1924

Foars.: Ludzer v.d. Schors Pongh.: Edzer Kooistra  
Veendijk 37 Logten 13  
7971 RP HAVELTE 8431 KR EASTERWALD

Lid fan it Frysk Boun om Uten

## *Fan 'e Bouns-foarsitter*

Bêste leden fan de krite 'Waling Dykstra',

Doe't jimme foarsitter, Ludzer van der Schors, my frege om yn it foarlizzend Kritelûd it foaropwurd te skriuwen, ha ik dat graach tasein. Allerearst wol ik jimme fan herten lokwinskje mei jimme 100-jierrich jubileum. Prachtich dat jimme dit helle ha, alhoewol sa'n 15 jier lyn jimme krite wipperdewip stien hat – lokkich dat der doe in tal leden opstien binne om de krite net 'fersûpe' te litten. En dy bestjoersleden binne der no foar it grutste part noch – hulde oan dy minsken!

As we nei de libbensfetberheid en it besteansrjocht fan de Fryske kriteren sjogge, moatte we fêststelle, dat, troch ûnderskate oarsaken, guon kriteren spitigernôch gjin lang bestean hiene. Oare kriteren hâlden it lykwols (folle) langer fol. Inkele kriteren bestean sels mear as 100 jier. De âldste noch besteande krite is it Frysk Selskip Swol, dat op 8 febrewaris 1899 oprjochte waard. Dy krite hat juster it 125-jierrich bestean fierd.

Ut en troch komt in krite op it punt, dat er út need himsels opheffe moat. Soks hat alles te krijen mei in weromrinnend tal leden troch 'fergrizing': it ferâlderjen fan de leden en it net fine kinnen fan bestjoersleden. Jongere generaasjes geane troch feroarjende maatskiplike omstannichheden en om oare ûnderskate redenen, net of folle minder ferieningsferbannen oan. It is in teken fan dizze tiid en in ûntjouwing dy't net tsjin te hâlden is.

Mar wy hâlde de kop der foar en as ik it sa besjoch, jimme krite ek! Want wat is it dochs prachtich dat men yn it winterskoft in oantal kearen mei oare Friezen sprekke kin en fansels ek efkes oer dy goeie âlde tiid prate kin, it Frysk Folksliet sjonge kin, de sankjes fan Waling Dijkstra sjonge kin, nei in moai Frysk toanielstik of kabaret sjen kin. Dat fine wy dochs allegearre geweldich, dat docht ús dan wer tinken, lykas myn foargonger Hâns Dijk altyd sei, oan pake en beppe, heit en mem, de geit oan it spit, de kninen yn it hok en de planke oer de sleat, lykas doe't wy noch jong wienen.

Bêste minsken, ik winskje jimme hjoed in tige moaie dei ta en ik hoopje dat de krite 'Waling Dykstra' noch hiel lang bestean mei!

Groetnis fan Jan Bijkerk, foarsitter Keninklik Frysk Boun om Utems.

Jan Bijkerk,  
foarsitter fan It Keninklik Frysk Boun om Utems

## *Goffe Jensma*

Waling Dykstra hat troch syn literêre, syn skôgjende en syn wurdboekewurk ien fan de belangrykste bouwers west fan it moderne Frysk sa't wy dat hjoed-de-dei noch kinne en brûke. Fansels, taal feroaret mei de tiid, en sa moat dat ek, mar Waling Dijkstra syn taal is yn de kearn noch hieltyd in basis.

Ik tink lykwols net dat de trochsnee Fries noch wit wa't dy Waling Dykstra wie. Faaks wenje se yn in doarp dêr't in Waling Dykstra-strjitte is en helpt dat. Faaks ek is der in oare namme dy't oan him tinken docht. Mar sels al kinne de minsken meifluitsje mei 'Wat bisto leaflik rizende simmermoarn', dan noch is de kâns lyts dat se witte dat Dykstra dat ferske skreaun hat.

Tiden hawwe tiden, want oan 'e ein fan syn libben wie Dykstra in echte BFER, faaks wol de alderbekindste Fries dy't der doe libbe. Dêrfandinne ek dat 'Walingom'. In earetitel! Mar wy ferjitte maklik. Dêrom is it wol goed dat de namme fan de Meppeler krite Waling Dykstra noch yn it ûnthâld fêsthâldt en noch better dat dy krite no, nei hûndert jier, in middei organisearret dêr't in tal ynliders wat sizze sille oer de man en ek nochris wat út syn wurk foardrage en sjonge sille.

## *Abe de Vries*

Waling Dykstra is, goed besjoen, de oerpake fan myn pake. Fansels net wat fleis en bloed oanbelanget; foar famyljerelaasjes moatte jo by syn nammedrager fan hjoed-de-dei wêze. Nee, ik tsjut op in kulturele reade tried: de tried fan al dy lytse figuerkes 'út it folk', dy't sûnder djoere skoaldiploma's in Fryske folkskultuer droegen hawwe dy't krekt yn ús eigen tiid út sicht rekket.

Pake Abe wie boerearbeider, ûnthâlder en part-time kafeehâlder, opropper en yn te hieren as praatsjemakker. Waling Dykstra wie ek mar in bakkerssoan, dronk eins nea in slokje en is likegoed de oanstifter fan it ferneamde Frysktalich folksfermeits op boppesealen fan kroech en kafee: it Winterjûnenocht.

As folkskeunstner hat Waling fansels aardich suksesfoller west as pake. Hast tritich jier lang luts er folle sealen. It gie him net allinnich om de grap, mar benammen om de moraal, ik neam it leaver maatskippijkryk fan ûnderop. Hy lies de grutte likegoed as de lytse man it leksum, en dat die er al yn in tiid doe't it folk noch hast gjin liedslju út eigen rûnte hie. Waling Dykstra is foar my dan ek foaral de iepenbrekker fan de publike romte foar gewoane minsken lykas jo en ik.

## *Waling Dijkstra IV*

110 jier nei it ferstjerren fan myn oerpake Waling wurdt syn wurk noch altyd lêzen en songen.

Hy betsjutte in protte foar de taal en hâlde mei syn boeken de kultuer fan Fryslân libben.

Ik stam ôf fan syn alfde en jongste bern Theunis. Hy sette yn 1903 ôf nei Ljouwert en besleat om dêr te begjinnen as ferver.

Spitigernôch kaam der doe't er nei Ljouwert ferhuze oan it Fryskpraten in ein, mar wy ferkeapje noch hieltyd ferve.

De ôfrûne 25 jier haw ik foar de Waling Dijkstra-Stichting wurke om oerpake syn wurk libben te hâlden en ferskate inisjativen lykas dit yn Meppel te stypjen.

Yn 2023 waard der yn Spannum in iepenloftfoarstelling spile en waard ek in boek publisearre, dat, net alhiel tafallich, ek yn it Nederlânsk oerset is.

In protte minsken yn Fryslân witte net iens mear wat oerpake fan doel wie mei it Frysk, mar gelokkich hâldt er noch ta en libbet er troch yn Meppel.

# *Aginda 2024/2025*

*Mear ynformaasje by it bestjoer en op ús webstek*

- 24 – 02 – 2024 De krite Waling Dykstra bestiet 100 jier! Sjoch  
[www.tipbrug.nl/walingdykstra/jubileum](http://www.tipbrug.nl/walingdykstra/jubileum)
- 16 – 03 – 2024 Jubileumfeest
- 02 – 11 – 2024 Novimberjûn
- 18 – 01 – 2025 Breamiel en jiergearkomste

# Sponsors



1919 SJOUCHE KOOPMANS MODE MEPPEL 2019

SINDS 1925

## PASVEER

**Meppel**  
**Heerenveen**  
**Sneek**  
**Drachten**  
**Emmen**  
**Zwolle**

En 24 uur per dag  
Pasveeronline.nl



**LEXIS** notarissen 

**Meppel**      Brouwersstraat 8      0522 25 28 50

[www.lexisnotarissen.nl](http://www.lexisnotarissen.nl)  
notariaat / estate planning / echtscheiding

Herman  
Jubbega

  
**MITSUBISHI**  
MOTORS

  
**JUBBEGA**  
CAR SERVICE  
SINCE 1926

Blankenstein 520    MEPPEL  
0522 - 24 25 25  
[www.hermanjubbega.nl](http://www.hermanjubbega.nl)

Fan de foarsitter  
Pyk  
Ensfh

Efkes koart.

Meastal begjin ik op it foarste blêd en moat ik mar ôfwachtsje – hoe en wat der komt-  
No is it hast êfterôf. En dan ha je mear kâns op it gelyk.

Efter ôf nei hundert jier  
Twa wurden : Wiis en tankber

Tankber foar al dy minsken dy de skouders der ûnder set ha.

Foar kollegialiteit fan oare kriteren.

Tankber ek foar de stipe fan it Keninklik Boun

Tankber ek foar al dy leden dy't eltse kear mar wer op draafden

Litte we hoopje dat ús neiteam wer opgroeid mei mienskipssin en fan lytsôf leart dat je net  
allinne op 'e wrâld binne en in plakje ha yn it gehiel en dat dêr wat foar dien wurde moat.  
Dat "de wrâld dy't draait om dyn ik op earmoed útdraaid. Gearwurkje moat je leare fan  
jongs-of oan.

Foar ús krite

Ludzer van der Schors.

SELSKIP “WALING DYKSTRA”  
MEPPEL E.O.

---

**KONTAKTADRES:**

Veendijk 37, 7971 RP Havelte  
walingdykstra@kpnmail.nl  
www.walingdykstra.frl

**BESTJOER:**

**Ludzer van der Schors**, foarsitter  
Veendijk 37  
7971 RP HAVELTE  
till. 0522 – 49 23 63  
e-mail: l.vander.schors@hetnet.nl

**Edzer Kooistra**, 1e ponghâlder  
De Logten 13  
8431 KR Easterwâld  
till. 06 – 44 86 07 35

**Leny Altena**, karkommisje  
Bezettingslaan 78  
7943 CN MEPPEL  
till. 06 – 52 69 73 40

**Romke E. Egbers**, skriuwer  
post: sjoch it kontaktadres  
till. 00 - 49 - 4839 - 953 952 1  
e-mail: walingdykstra@kpnmail.nl

**Menno Fleischer**, 2e ponghâlder  
Grote Oever 156  
7941 BJ Meppel  
till. 0522 - 859233

**Aldert Huisman**, lustrumboek  
(gjin bestjoerslid)  
Prins Hendrikkade 197  
7941 MD Meppel

Kritelûd  
Kopij nei:  
walingdykstra@kpnmail.nl  
of per post:  
Veendijk 37, 7971 RP Havelte

BANK fan de Krite  
IBAN: NL35 RABO 0341 8122 93  
BIC: RABONL2U  
op namme fan “Waling Dykstra”

Keamer fan Keaphannel: 04061102

IS JO BUORMAN AL KRITELID?

# *100 jier Waling Dykstra*

## *en AG Keninklik Frysk Boun om Utens*

### *16 maart yn De Schalle*

#### **Program fan it Keninklik Frysk Boun om Utens**

- 10:00 Ynrin - Untfangst troch it bestjoer fan de gastkrite "Waling Dykstra" fan Meppel mei in kopke kofje of tee en in stikje oranjekoeke.
- 10:30 Algemeine gearkomste KFBou
- 12:15 Lunsj-skoft
- 13:00 Wolkom diptearre Eke Folkerts en boargemaster Richard Korteland  
Taspraak boargemaster fan Meppel, Richard Korteland
- 13:30 Moeting en Ynspiraasjemiddei KFBou  
Sprekkers: Waling Dijkstra, Abe de Vries en Goffe Jensma oer "Waling Dijkstra"
- 15:00 Skoft

#### **Program fan de Krite "Waling Dykstra" te Meppel**

- 15:30 Trûbadoer Piter Wilkens
- 15:45 Foarsitter fan it KFBou iepent de jubileumsessie.....
- 15:55 Bestjoer Waling Dykstra  
WOLKOM PITER WILKENS  
Dank oan't Boun  
Wolkom trije generaasjes  
Wolkom ek by ús: Waling Dijkstra, Abe de Vries en Goffe Jensma  
Wolkom oan Jitske Kingma
- 16.05 Twadde optreden Piter Wilkens
- 16.30 Skoft

- 17.00 Utjouster Jitske Kingma prissentearret it boek  
**“100 jier Waling Dykstra – Meppel”**  
Útrikking 1 Waling Dijkstra  
Utrikking 2 Deputearre Eke Folkerts
- 17.10 Utrikking bestjoer
1. Oan Goffe Jensma
  2. oan Abe de Vries
  3. Oan Jan Bijkerk
  4. Oan Kees van der Beek
  5. Oan Leny Altena
- 17.20 Trûbadoer Piter Wilkens
- 18.10 Dei ôfslute troch de kritefoarsitter
- 18:15 Sineesk Buffet yn De Schalle  
Frysk prate, âlde freonen moetsje en lekker ite

*Datum en plak*

Datum: sneon 16 maart 2024, 10:00 – 20:00

Plak: Doarpshûs "De Schalle", Nieuweweg 27, 7948 AA Nijeveen, till.  
0522 - 491422.

## MODDERMAN KOEK BANKET



DA'S PAS ANDERE KOEK

**Fryske boek- en kadowinkel**

Boterhoek 3, Ljouwert  
 (058) 234 30 70  
 ynfo@afuk.frl  
 websjop.afuk.frl



📍 /stichtingafuk    📘 /stichtingafuk

*Websjop 24/7 iepen!*

# Wolkom

Yn de Afûk Fryske boek- en kadowinkel fynst de moaiste boeken yn en oer it Frysk en Fryslân, mar ek in grut ferskaat oan oare produkten, lykas Fryske kreamkadootsjes, cd's en dvd's, sûveniers, aansichtkaarten en leuke kado-artikels.



Ynhâldsopjefte:

Sponsoren en adferteeders

Vijverberg

Elikser

Friese Vlag

Henri Willig – kaasmakerij

Afuk

Weidenaar

Bijzonderdruk

Modderman

Us eigen adferteeders fan de lêste (tsien) jier steane op harren eigen plak yn it Kritelûd.

# H<sup>o</sup>rt foar skriuwers



*Besieling yn boeken*







Ek út de hân te keap by it bestjoer foar € 15.00

Dizze útjefte is ek te keap by

Uitgeverij Elikser  
Ossekop 4  
8911 LE Leeuwarden

<https://www.elikser.nl/krite-waling-dykstra-meppel-1924-2024.htm>

Ek út de hân te keap by it bestjoer foar € 15.00

Waling Dijkstra Stichting sinds 1947

voorzitter: Waling Th. Dijkstra

Telefoon:+31 6 51580269

e-mail: [waling@zandleven.com](mailto:waling@zandleven.com)



**zandleven coatings**





# Dé beste voor jouw koffie



Friesche Vlag staat al sinds 1919 bekend als dé koffieverrijker van Nederland. Naast de bekende koffiemelk, zoals Halvamel, Goudband en Balance, heeft Friesche Vlag ook heerlijke opschuimelk. Haal de barista in jezelf naar boven en maak de lekkerste (haver) cappuccino, latte macchiato of ijskoffie. Jouw koffie verdient Friesche Vlag!

Voor meer informatie kun je terecht op onze website: [www.frieschevlag.nl](http://www.frieschevlag.nl)



## Maak kennis met Hooi dammer, Fol fan libben, fol fan smaak

Levendige weides vol ritselende veldbloemen en kruiden, met vogels en gonzende insecten. Dat is wat Hooi dammer betreft het belangrijkste ingrediënt voor onze kazen.

Hier in Friesland werken we als familiebedrijf samen met onze boeren aan een biodivers landschap, grondgebonden en in evenwicht. Op deze manier kunnen natuur en melkveehouderij elkaar versterken en kunnen we op duurzame wijze – generatie op generatie - pure, biologische kaas maken.

Een florerende natuur geeft rijke, romige en schone melk van koe, geit en schaaap en dat proef je in onze smeûige kazen in diverse rijpingen en varianten.

**WAS GETEKEND, DE NATUUR**

**[WWW.HOIODAMMER.COM](http://WWW.HOIODAMMER.COM)**

F O L F A N { L I B B E N  
S M A A K





Profesjoneel projektbehear foar  
grutte konstruksje projekten

**/ Project Management / Dispute Resolution**

[www.vijverberg.com](http://www.vijverberg.com)



# Bij ons kunt u terecht voor

printwerk - drukwerk  
signing - belettering  
websites - online diensten  
maatwerk



bijzonder  
**druk**



bijzonder  
**online**



bijzonder  
**sign**

De one-stop-shop voor **signing**, **drukwerk**,  
en **online communicatie!**

Woldmeentherand 3 | 8332 JE Steenwijk  
(0521) 52 44 55 | [www.bijzonderdruk.nl](http://www.bijzonderdruk.nl)